



De FNP stiet yn de striid foar it behâld fan Omrop Fryslân as in folweardige, selsstannige Frysktalige stjoerder mei jim yn de foarste liny.

Fryslân kin net sûnder Omrop Fryslân.

50 redenen wêrom't Omrop Fryslân bliuwe moat

1. Ik kin dochs net sliepe sûnder *Bear Boeloe*?
2. Wa docht dan live-ferlach fan de PC? En...
3. Wêr kin ik it oare keatsen folgje?
4. Wêr kriget Fryske streektaal yn muzyk in poadium as *Radio Froskepôle* ferdwynt?
5. Wa lit my bylden sjen fan Fryslân hoe't it eartiids wie?
6. Hoe krij ik myn bern oan it lêzen sûnder *Tomke*?
7. Fryske keunst en kultuer yn *K-rûte*; dat fynst dochs nearne oars?
8. Wêr sjoch ik de nijste Fryske hits sûnder *Klipkar+*? En...
9. Wêr kinne leafhawwers fan harmony, fanfare en brassbands terjochte sûnder it *Koperkanaal*?
10. Wa lit dan de *Fryske Top-100* sjen en hearre?
11. Gjin nijsgjirrige dokumintêres sûnder *Fryslân DOK*.

12. Wa docht dan wiidweidich ferslach fan it skûtsjesilen?
13. It giet oars nea mear *Need op freed*.
14. Wa siket it út en giet de djippte yn as *Buro de Vries* dat net mear docht?
15. Wa besteget oars oandacht oan *Liet Ynternasjonaal*?
16. Moat *Studio F* dan ferhúzje nei Hilversum?
17. Wa toant my it lytse en grutte leed yn Fryslân?
18. Wa toant my it lytse en grutte gelok yn Fryslân?
19. Nea mear prachtige bylden yn *Samar in momint*.
20. Wa jout jongerein de kâns om sels in soap te meitsjen sa as *LinKk*?
21. Wa sjocht mei my werom op de dei sûnder *De dei foarby*?
22. Wa leart de boppebou oer de eigen natuerlike omjouwing sûnder *Tsjek*?
23. Wa bringt oars karakteristike *Minsken* foar it fuotljocht?
24. Nea mear Theo yn *Hea!*?
25. Fuort is dan *Muzyk Maskelyn*, it rêstpuntsje yn 'e wike mei moaie muzyk, makke troch de Fryske amateurmuzikant.
26. Wa toant my de masterlike sprongen by it fierljeppen?
27. Sil MTV de *Fryske Music Night* útstjoere?
28. Wa bringt my *Hjoed* it nijs dat my oangiet?
29. Och, dan leare we de Fryske skiednis wol op syn *11&30st*.
30. Wa makket en toant dan Fryske soaps as *Baas Boppe Baas*?
31. Sûnder *Omnium* gjin achtergrûnen by en ynformaasje oer it nijs dat Fryslân oanbelanget.

32. Wa lit my laitsje as de studinten fan *De flier is foar jim* dat net mear dogge?
33. Saken en minsken út it ferline wurde yn *It paad werom* in spesjale belibbing mei Frysk byldargyf.
34. Hoe krije de doarpen in platfoarm sûnder *Doch wat foar dyn doarp?*
35. En wa lit my sjen wat der yn dy plakken te dwaan is sûnder *Op en út?*
36. Nea mear in nijsgjirrich ferhaal fan de gewoane Fries yn *Goeie!?*
37. Sil Jochem van Gelder Frysk prate yn 'Praatjesmakers' as *Fertel mar* der net mear is?
38. Hy kin dan net mear by *Praat mar Frysk* telâne as er al fragen hat.... en
39. Marieke Swart fan *WitWat* siket it ek net foar him út.
40. Kin ik no nea mear *Lekker ite mei Reitse?*
41. Fia de omrop biedt it Frysk Museum yn *MUSE* Fryske amateurkeunstners in poadium; wurdt dy unike gearwurking eat út it ferline?
42. Wa lit de Fryske sporters en sportferienings oan it wurd sûnder *Boppeslach?*
43. Wa jout Kommúnikaasjestudinten fan de NHL de kâns om sels in programma te meitsjen sûnder *180 graden?*
44. Gjin unike gearwurking mear tusken Cedin taalsintrum Frysk, Afûk en Omrop Fryslân sûnder *It lân fan Efke.*
45. Wa makket Fryske reklame as der gjin Omrop Fryslân is?
46. Is der dan noch live ferslach fan drafbaan Wolvegea?
47. Wa toant my de wei sûnder *Moreel Kompas?*

48.Fynt de NOS de froulju fan SC Heerenveen krekt like ynteressant?

49.Piet syn *Moarn mar wer even yn it waar sjen* komt op de Omrop it bêst ta syn rjocht!

En lêst, mar o sa wichtich....

50.Om't Omrop Fryslân alles behalve itselde is as oare regionale omroppen!

Ljouwert, 15 desimber 2012